

## The challenge

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 187 5  
1e druk 2019  
© 2019, Anita Terpstra

Utjouwerij Elikser  
Ossekop 4  
8901 AA Ljouwert  
Telefoan: 058 - 289 48 57

Foarmjouwing binnenwurk: Evelien Veenstra  
Foarmjouwing omslach: Jelle van Gosliga

Oerset yn it Frysk troch Martsje de Jong  
Dizze oersetting waard mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân  
provincie fryslân 

Lês  
NO

Dit boek is skreaun foar it LêsNo-projekt, in lêsbefoarderingsprojekt foar learlingen yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Realisaasje is mooglik makke troch Fers, yn gearwurking mei it Cedin, de Afûk en mei stipe fan de Stichting Lezen en de provinsje Fryslân. Dizze edysje is útjûn troch Utjouwerij Elikser.

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the publisher.

# The challenge

Anita Terpstra





## JESSE

‘Wêr bin ik? Wat is dit? Wa binne jim?’ frege Jesse bang.

Hy siet op in houten stoel. Syn hannen wienen fêstbûn achter syn rêch, syn ankels fêstmakke oan de spilen. Hy koe gjin kant op.

Foar him stienen twa figueren yn swarte overals, de gesichten ûnwerkenber, om’t se in swarte mûtse op hienen dy’t harren hiele holle beduts, op de eagen nei.

Yn panyk seach Jesse om him hinne. It wie tsjuster, wat it dreech makke om wat fan syn omjouwing ûnderskiede te kinnen. It like op in grut âld fabryk. In betonnen flier fol skuorren, oeral ferfrommele blikjes, karton en stikken glês. Stienen muorren, wêrfan’t hjir en dêr it semint ôfbrokkele wie. Op oare plakken siet graffity. Lytse, smoarge ruten dy’t heech yn ’e muorren oanbrocht wienen en dêr’t suver gjin deiljocht troch nei binnen kaam. Hy draaide syn holle. Achter him hong in donker gerdyn. Hy seach nergens in doar.

Wêr wie de tredde persoan? Jesse wie der wis fan dat der noch ien west hie doe’t se him oermasteren. It iene momint fytste er troch de bosk nei hûs, it oare momint rûnen syn bannen leech. Hy wie ôfstapt om te sjen wat der oan ’e hân wie. It die bliken dat syn foar- en achterbân fol punêzes sieten. Ut it neat wei hie ien in sek oer syn holle lutsen. Tagelyk hie er

in triuw yn 'e rêch krigen en wie er foaroer fallen. Hy hie him ferset – skopt, slein, biten en raasd – mar oeral wienen sterke hannen en knibbels dy't him tsjin 'e grûn holden hienen. It wie allegear sa fluch gongen. De sek wie hiel efkes omheech skood en doe miende er dat er trije minsken seach. Doe wie de sek wer oer syn holle lutsen en hienen se syn hannen en fuotten fêstbûn. Dêrnei wie er yn in soarte fan bolderkarre of sa hjirhinne brocht.

'Wat doch ik hjir? Meitsje my los!' smeke er. Syn lûd galme troch de hege romte. Jesse probearre him los te skuorren, mei as iennige resultaat dat it rûge tou pynlik yn syn polzen snijde. Syn hert begûn hieltyd hurder te slaan en hy krige hast gjin lucht, as wienen syn longen krompen ta it formaat fan in pinda.

De figueren swijden. Seagen nei him. Wat woenen se? Waard er gizele? Woenen se losjild? Dat wie bespotlik, syn âlders wienen hielendal net ryk.

Ynienen wie der in fel ljocht. It kaam fan in steande lampe dy't op syn gesicht rjochte wie. Hy knippere fûl mei syn eagen.

'Mei dy lampe út?' Dat dienen se fansels net. Nei in skoftsje rekken syn eagen wend oan it felle ljocht. Hy seach in trijepoat mei in kamera derop.

Ien fan 'e figueren kaam in pear stappen tichterby.

'Wolkom by The Challenge.'

## MARIJE

Marije skrok doe't Femke begûn te praten. Se spruts fia in stimferfoarmer en har lûd klonk meganysk. Kâld. Hurd. Sûnder melody of gefoel. De ferfoarmers wienen noadich om't Jesse harren net werkenne mocht. Dêrom ek droegen se overals en mûtsen. En swarte moffen, swarte skuon. Marije hie sûnder erch har skuon – knalrôze Adidaskes – oanholden en Femke hie mei har eagen rôle. "Tinkst net dat Jesse fuort sjen sil dat dy skuon fan dy binne?" hie se sein. Fandêr ek dat se sels gjin make-up op 'e eagen hienen.

The Challenge wie it idee fan Femke. Se hie in draaiboek makke en sels foar in generale repetyasje soarge. Gjinn oerstallige lûkse, want der wienen by de generale aardich wat dingen misgongen.

Marije hie klamme hannen. De mûtse jûke ferskriklik. Der mocht no neat ferkeard gean. Dit wie hartstikke echt.

Se weage it nei Jesse te sjen. Se doarde hast net, bang dat er har werkenne soe. Se krige suver begrutsjen mei him, sa as er dêr siet: stiif fan 'e stress, bang en yn 'e war. Hy knippere fûl mei syn eagen. Syn gesicht wie sa wyt as in deaden.

Mar doe betocht se har wer wat er har flikt hie. De kloatsek. Oait hie se hartstikke ferlyfd op him west. Ferline

wike snein wie er yn in fraksje fan in sekonde feroare fan de knapste en leukste jonge fan 'e klasse yn har grutste fijân.

Nee, net oan tinke no. Se konsintrearre har op de wurden fan Femke.

'Do bist útkeazen om mei te dwaan oan The Challenge, in spul dat dy útdaget om dyn grinzen te ferlizzen.'

'Wat? Wêrom ik?' frege Jesse.

'Lit ús it derop hâlde dat wy heard ha datsto gek op spultsjes bist,' sei Femke.

'Kinst my net twinge om mei te dwaan.'

'Dat kinne wy wol.'

Op dat stuit klonk de stim fan Luuk. 'Jesse? Wat de fuck is hjir te rêden? Wat dochst dêr, man?'

'Luuk! Belje de plysje, helje my hjirút!' rôp Jesse.

'Besparje dy de muoite,' sei Femke. 'Luuk heart dy net. Hy kin dy allinnich sjen. En do kinst him allinnich hearre, net sjen. Wy ha him hjir, nammentlik. Asto net dochst wat wy sizze, dan ûnderfynt Luuk dêr de gefolgen fan, ast begrypst wat ik bedoel.'

'Nee, ik begrypst net watst bedoelst.'

Femke die har hân omheech en op dat stuit klonk der in yslike skreau troch it âlde fabryk, folge troch geraas: 'Nee, nee, hâld op, net noch in kear.'

'Dat wie Luuk. Asto wegerest mei te wurkjen, dan kinne wy spitigernôch net oars as Luuk sear dwaan.'

Marije seach mei ferbazing nei Femke. Wêr helle se dy wurden wei? Se klonk hielendal net as Femke, earder as in folwoeksene. It soe har net ferbaze moatte. Femke wie tûk. Se



hie sels har taalgebrûk oanpast, sadat de kâns dat Jesse har werkenne soe noch lytser waard. Se hienen ôfpraat dat Marije har stilhâlde soe. It risiko wie te grut dat se meisleept wurde soe troch har emoasjes en harsels ferriede soe.

‘Moatte wy Luuk nochris sear dwaan, of ...’

‘Nee, nee, ik doch wat jim sizze,’ sei Jesse gau.

‘Goed om te hearren. Lústerje goed. Ik lis dy it spul út. Der binne yn totaal fjouwer opdrachten. Wat dy opdrachten krekt binne, fertel ik dy aanst. Do makkest kâns om ûnder de opdracht út te kommen. Oars soe it gjin *challenge* wêze, netwier?’

‘Wat? Hoe?’

‘Dyn freon Luuk is ien fan de bêste gamers dy’t der is. It is hiel ienfâldich. As hy yn de game dy’t wy hjirfoar brûke syn tsjinstanners ferslacht, hoechst de opdracht net út te fieren. Wacht, foardatst al te bliid wurdst ...’ Femke wiisde. ‘Sjochst dy kamera dêr? Om it allegear noch spannender te meitsjen en safolle mooglik viewers te lûken, streame wy The Challenge live. Elkenien mei meidwaan as Luuk it spul spilet. It doel is om it him sa lestich mooglik te meitsjen fansels.’

‘Mar dat is net earlik,’ rôp Jesse út. ‘It kin wêze dat er tsjin ... hûnderten minsken spylje moat!’

‘Presys. Wy sille sjen oft Luuk echt sa goed is.’

Wat Jesse net wist, wie dat Luuk dêr hielendal net wie. De gil en it geraas kamen fan Hidde, de twillingbroer fan Femke. Se hie him frege harren te helpen en hy hie dalik ynstimd. Hidde wie in dikke nerd en hie in allemachtich soad ferstân fan kompjûters, games en al dy dingen dêr’t Marije gjin hout

fan snapte. Femke hie har ris ferteld dat Hidde de skoalle dêr't er earst op siet in kear hackt hie om in toets te jatten. Net dat er dat noadich hie, want hy wie hartstikke tûk. Hy die it gewoan foar de lol. Oare jonges gameden of fuotballen, hy hackte.

Hidde hie alle apparatuer dy't se noadich hienen yn it âlde fabryk ynstalleard, soarge foar ynternetferbining fia in hotspot dy't net te trasearen wie, ynbrutsen yn de kompjûter fan Luuk, ekstra batterijen meinommen om't se hjir gjin stroom hienen, en hy soarge foar de livestream.

‘Wy begjinne mei de earste opdracht.’

‘Wacht. Mei ik wat wetter?’

Femke knikte nei Marije. Se ferdwûn achter it gerdyn, dêr't Hidde siet. Hy waard read doe't er har seach. Hy waard altyd read as er har seach. Se stuts har tomme omheech en hy die itselde. Se rommele yn har rêchsek en helle der in fleske wetter út.

Fluch rûn se werom. Shit, se soe it fleske oan syn mûle sette moatte. Hy koe it sels net fêsthâlde. Der kaam har noch wat yn 't sin. Hie se fan 'e moarn, sûnder nei te tinken, parfum opdien? Soe er dat rûke en werkenne? Se hie gjin kar, se moast it derop weagje.

Mei triljende fingers draaide se de dop derôf. Dat se wanten oanhie, help ek net echt. It wie nuver om sa ticht by him te wêzen. Dy mûle dy't se sa faak tute hie. Mar ek de mûle dy't safolle aaklike dingen tsjin har en oer har sein hie. Se pakte him rûch by syn hier en luts syn holle achteroer. Se sei tsjin harsels dat se dat die om't er dan better drinke koe, mar se wist wol better. Se woe him sear dwaan, sa't hy har sear dien hie.

Se hold it fleske hast fertikaal, sadat de helte fan de ynhâld oer syn kin streamde. Hy ferslokte him, sa begearich dronk er.

‘Genôch,’ sei Femke.

Marije die in pear stappen achterút, oant se wer neist Femke stie.

‘Wy begjinne. De earste challenge is ...’ Stadich rûn Femke nei in tafel dêr’t it spul dat se noadich hienen foar The Challenge op útstald stie. Se pakte in skoech op. ‘Oan dizze skoechsoal slikje.’

Foarsichtich wrot ik my troch de tichte struken dy't heech tusken de beammen stean yn de rjochting fan it ferfallen fabryk. Dat stiet al jierren leech. Us heit hat my in kear ferteld dat it lang lyn in suwelfabryk wie. Krekt as kin my dat wat skele. Hy hie my meisleept nei de bosk foar in kuier. 'Sits hieltyd binnen, dat is net goed foar dy.' Under it rinnen die er neat oars as eamelje. Sjochst dy fûgel? Witst watfoar beam dit is? Moatst ris rûke, de maitiid komt deroan.

*Bla. Bla. Bla. Saai. Saai. Saai.*

Der falt in drip op myn holle. En noch ien. Ik sjoch omheech. Boppe my sweeft in grutte donkere wolk. Sa te sjen binne der noch mear yn oantocht. Stom Nederlânsk rotwaar. Dan wer sinne, dan wer rein. Sa gau't ik âld genôch bin, ferhúzje ik nei in waarm lân. Ik ha gjin jas by my, mar weromgean is gjin opsje. Dan mar dweiltrochwiet wurde.

No en dan bliuw ik heakjen mei myn T-shirt of broek. Stikels stekke gemien yn myn bleate fel. Ik hie fansels de grintwei nimme kinnen dy't nei it gebou rint, mar wa wit stiet dêr ien op wacht.

Se meie my net sjen. Se meie net witte wat ik fan doel bin. Ik ha al in kear op ûndersyk út west, sadat ik krekt wit wêr't ik it bêste nei binnen gean kin. Ik wol gjin ferrassingen. Sy krije aanst de ferrassing fan har libben! Ha! Ik kin net wachtsje om harren gesichten te sjen.

Se tinke dat se sa tûk binne, dat net ien behalve sysels wit wat se betocht ha. Fansels ha se net op my rekkene. Ik wit it wol. En it

*komt perfekt út. Ik bin al hiel lang op wraak út en dit is myn kâns.  
Ik kin hast net leauwe dat it echt barre sil.*

*Each om each, tosk om tosk. It wurdt tiid dat ik foar eigen  
rjochter spylje.*

*Wat sy fan doel binne is bernespul. Wat ik op it punt stean om  
te dwaan, is folle en folle slimmer.*

*Mar dat fertsjinnet er.*

## LUUK

Fluch fytste Luuk nei hûs. Syn fuotbaltas hong swier oan syn skouders. Wer mei 3-0 ferlern. Hy hie it hielendal hân mei dat stomme fuotbal. Net om't se sa faak ferlearen, mar om't er ien fan de lytsten wie en der altyd fan alle kanten op him ynbeukt waard. Mei blauwe plakken, skrammen en blessueres as gefolch. Oan de foarige kear hie er pinekop oerholden, nei in tackle wêrby't er hurd op syn holle telâne kommen wie. En no dienen syn bil en syn knibbel sear. In tsjinstanner wie op him stean gongen, wylst er al op 'e grûn lei. Sabeare by ûngelok. Jaja.

Fan syn âlders moast er op fuotbal bliuwe. Se wienen skieden en wienen it noait mei elkoar iens, mar op dit punt dan wer wol. 'Oars sitst allinnich mar achter de kompjûter.'

Luuk sette syn fyts foar it hûs del – 'fyts oan it stek fêstsette, oars wurdt er jatten' – en stuts de húskaai yn it slot. Hy moast twa kear draaie, wat betsjutte dat der net ien thús wie. Yes. Dan koe er teminsten yn alle rêst game. Syn mem wie grif ien as oar boadskip oan it dwaan, of te kofjedrinken by in freondinne.

Allinnich de hûn – Mick, in labradoodle – wie thús. Dy die de kop omheech, seach dat it Luuk wie, en sliepte fierder.

'Ek fijnt om dy wer te sjen,' mompele Luuk tsjin 'e hûn.


Hy smiet syn fuotbaltas yn de bykeuken – ‘drekst leechhelje en de smoarge wask ophingje’ – en skonk himsels in grut glêss kola yn. Doe pakte er twa sjerpwafels en naam dy mei de kola mei nei syn sliepkeamer, dêr’t er syn laptop oansette. Soms ferstoppe syn mem dy wolris.

Hy knakte syn fingers. Hy koe hiel fluch type mei twa fingers. Underoan syn skerm kamen de kommentaren yn byld. Hy sette syn koptelefoan op om mei de oaren dy’t online wienen prate te kinnen. Ynienen sprong syn skerm op swart.

‘Hee,’ rôp er út.

Syn laptop wie toch net stikken? Dy wie fergemy krekt nij! Hy wist dat der firussen rûngienen, mar hy wie sels noch noait troch ien troffen. Wat moast er dwaan? Of wie de wifi útfallen? Al soe it skerm dan net op swart springe moatte ... Hy pakte syn mobyl om te sjen oft hy dêr noch ferbining hie. Dat wie al sa en hy seach ek dat er in hiel soad berjochten fia WhatsApp krigen hie. Hy hie it lûd fan syn mobyl earder op ’e dei útset en wie fergetten dat wer oan te setten.

Ien hie in aparte app-groep oanmakke ûnder de namme The Challenge. Fluch beseach er de berjochten, mar hy snapte der gjin reet fan. Dêr soe er letter wol nei sjen. Earst syn kompjûter. Hy woe krekt op de oan- en útknop drukke om de laptop opnij op te starten – wa wit wie it wat simpels en gjin firus – doe’t der ynienen grutte wite letters op it skerm ferskynden.





DACH LUUK,

WOLKOM BY THE CHALLENGE!

Hè? Luuk bûgde tichter nei it skerm ta, al wienen de letters grut genôch om te lêzen. Se ferdwûnen en makken plak foar in tafriël. It duorre efkes foar't it ta him trochkrong wat er presys seach. Dêr siet ien fêstbûn op in stoel.

Luuk flokte súntsjes, knippere ferbaasd in pear kear mei syn eagen. Nee, dat koe net wier wêze ... Wie dat Jesse? Wat die dy dêr? Fan skrik sloech syn hert in pear kear oer. Watfoar sike grap wie dit?

'Jesse? Wat de fuck is hjir te rêden? Wat dochst dêr, man?'

Hy seach hoe't Jesse syn holle mei in ruk omheechkaam. Hy koe Luuk dus hearre! Doe waard it byld wer swart ...

'Jesse! Jesse!'

JESSE KIN DY NET MEAR HEARRE.

Luuk luts it toetseboerd nei him ta en begûn ferwoeden te typen. De letters ferskynden net op it skerm. Shit, shit, shit. Wat moast er dwaan? De plysje belje?

LET GOED OP.

DE REGELS FAN THE CHALLENGE BINNE SA.

JESSE MOAT FOAR IT EACH FAN DE HIELE WRÂLD  
FJOUWER OPDRACHTEN ÚTFIERE.

THE CHALLENGE WURDT NAMMENTLIK LIVE  
STREAMD.

DE EARSTE OPDRACHT IS: SLIKJE OAN IN  
SKOECHSOAL.

IT HINGET FAN DY ÔF OFT ER DE OPDRACHT  
ÚTFIERE MOAT OF NET.

‘Hoe dan?’ mompele Luuk.

It wie as koe de persoan oan 'e oare kant him hearre, want  
der ferskynde in nije sin.

FREGEST DY FÊST ÔF HOE.

DALIKS SJUCHST DE SITE [WWW.THECHALLENGE.FRL](http://WWW.THECHALLENGE.FRL).

YN DAT SPUL BISTO DE PERSOAN MEI IT GEWEAR.

OAN DY DE TAAK ELKENIEN DEL TE SJITTEN DY'T  
ONLINE KOMT.

HAST FIIF MINUTEN DE TIID.

SUKSES.

NOCH IN LYTSE WARSKÔGING: AST DE PLYSJE BELLEST, SIL DAT JESSE SOER OPBREKKE.

‘Wat? Nee, stop! Hallo? Dat wol ik hielendal net. Wêrom ik?’ rôp Luuk nei it skerm. Der kaam fansels gjin antwurd. It skerm sprong op in spultsje dat er net koe. Betize skodde Luuk syn holle. Wat moast er dwaan? Wêrom soe hy Jesse eins helpe? Jesse wie dan wol syn bêste freon – op ‘e basisskoalle yn elk gefal wol – mar op ‘e middelbere skoalle wie er feroare. Hy woe stoer wêze. Hy smookte stikem. Gong nei feestjes en dronk dêr dan. Dat kaam troch Jayden. Jayden wie sitten bleaun en hie noch in soad âldere freonen. Jesse luts hieltyd faker mei Jayden en syn freonen op. Yn it begjin hie Jesse him wol mei frege, mar Luuk fûn dêr gjin reet oan. Hy siet leaver te gamen. Sa groeiden se hieltyd fierder útelkoar.

En dan wie der noch dat rotgeintsje mei Marije. Luuk koe net leauwe dat Jesse har dat flikt hie. Hy fûn it in ferskriklik waardeloaze aksje fan him en hie dat ek sein, mei as gefolch dat se dikke rúzje krigen hienen.

Mar toch, djip yn syn hert wist Luuk dat as hy yn de problemen sitte soe, Jesse him fuortdaliks helpe soe.

Hienen der krekt noch tsien spilers online west, no ynienen wienen dat der fyftich, seach Luuk ta syn grutte skrik. As ferlamme stoarre er nei it skerm. Under foel de foardoar yn it slot. It lûd liet him opskrilje út syn apatyske hâlding. Syn fingers fûnen it toetseboerd en fleagen oer de knoppen. Dêr. En noch ien. Huppatee. Dy dan. Fuort do. En

do. Delsjitte dy hap. Kill. Kill! Mei kûgelsfeart makke er de iene nei de oare tsjinstanner dea, mar it like as kamen der foar elke delsketten spiler tsien nije werom.

‘Shit, shit, shit,’ mompele er súntsjes. Hy moast flugger, folle flugger.

Ergens yn syn achterholle registrearre er fuotstappen op 'e trep. Fuort dêrnei fleach syn sliepkeamersdoar iepen.

‘Wat miensto ast oan it dwaan bist?’ sei syn mem.

‘No efkes net, mem, ik bin ...’

‘No efkes net? Sjoch my oan as ik tsjin dy praat.’

‘Kin net.’ As er nei syn mem sjen soe, dan soenen se him te pakken nimme en dat soe betsjutte dat er it spul ferlieze soe. En dat Jesse oan in goare soal slikje moast.

‘Bist no hielendal gek wurden? Sjoch ris nei dysels. Dit is presys wat ik bedoel, dit hjit dus ferslaving. Komst thús, krûpst drekst achter de kompjûter en bist net mear oansprekber of foar rede fetber.’

‘Dat is it net, ik ...’

‘Wy hienen in ôfspraak, Luuk. Net mear as trije oeren deis, net langer as in oere achterelkoar en do soest oanjaan wannear'tst derachter gongst, sadat ik de tiid byhâlde kin.’

‘Ja, okee, sorry, ik wie it fergetten.’ Hy krige kramp yn syn fingers. Dit spultsje wie ûnearlik. It wie net te dwaan, hy yn syn ientsje tsjin al dy tsjinstanners.

‘Do ferjitst wol hiel selektyf. Do ferjitst nammentlik net wannear't it tiid is foar dyn kleanjild.’

‘Ik kin it mem útlizze.’

‘Nee Luuk, ik bin hielendal klear mei dyn ferlechjes. En